

PARSEBERJOCHT

12 april 2019

It ryk fan de wyk, de legacy fan de Ljouwerters

In Fryslân DOK oer it neilittenskip fan LF2018

Wat hat LF2018 betsjutten foar de gewoane Ljouwerter sa as de bewenners fan de wyk Heechterp-Schieringen; jierrenlang betitele as ien fan de earmste wiken fan ús lân? Yn de Fryslân DOK dokumintêre 'It ryk fan de wyk' fertelle wykbewenners, helpferlieners en haadrolspilers harren ferhaal.

Doel fan LF2018 wie om elkenien meidwaan te litten. Ek minsken ûnder de earmoedegrins en minsken dy't neat mei keunst en kultuer fan dwaan hawwe. De gedachte dy't dêrby heart is: wa't meidocht oan kulturele aktiviteiten is mear belutsen by de mienskip. Sa waard der yn it bidbook skreaun: by mear as de helte fan de Ljouwerters moat de grutskens, it wolwêzen, de sosjale gearhing en it optimisme yn de stêd tanimme. Mar is soks wol te mjitten, of is it allinnich te fielen?

Mienskip-projekten

Heechterp-Schieringen die as wyk mei oan '8ste dag', it grutte community art-projekt fan LF2018, dat ek foar ferbining soargje moast. Hilbrand van den Bosch (32) hat lêst fan depresjes en is gameferslave. Hy hat in healjier oan de gong west om de caravan te bouwen dy't troch wetter yn beweging kaam op '8ste dag'. Mei it opknappen fan de caravan knapte Hilbrand ek op. Dat seach ek syn begelieder fan Lifemaster, in sosjale ûndernimming dy't jongerein begeliedt. Dat harren '058' Kulturele Haadstêd wie, hat wat dien mei de jongerein, dat sjogge se by Lifemaster.

Liza van Houten (21) is hikke en tein yn Heechterp-Schieringen en hie de haadrol yn de foarstelling 'Work, work, work, work, work'. Wat feroaret der as je je ferhaal dwaan kinne oer de foaroadielen dy't minsken hawwe oer de wyk. En is der ek wat feroare yn it libben fan Liza? Regisseur fan it stik, Tatiana Pratley gie mei har kollega's in jier lang de wyk yn en sjocht werom op wat de foarstelling dien hat foar de 'iepen mienskip'.

Yn it hert reitsje

Kertiermakker Legacy Sjoerd Bootsma is fan it begjin ôf oan belutsen by LF2018 en fertelt dat 2018 in tuskenstasjon is. Neffens him giet it om hoe't we Fryslân yn 2028 oerdrage wolle oan de nije generaasje. Keunst en kultuer kinne minsken reitsje yn it hert en as minsken echt yn beweging komme wolle, moatte se yn it hert rekke wurde.

It ryk fan de wyk, de legacy fan de Ljouwerters

De [Fryslân DOK](#) dokumintêre 'It ryk fan de wyk, de legacy fan de Ljouwerters' is snein 21 april fan 17.00 oere ôf alle oeren te sjen by Omrop Fryslân op telefyzje. De dokumintêre is makke yn opdracht fan it mediaplatoarm Finster op Fryslân, yn it ramt fan de legacy fan LF2018.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

12 april 2019

Het rijk van de wijk, de legacy van de Leeuwarders

Een Fryslân DOK over het nalatenschap van LF2018

Wat heeft LF2018 betekent voor de gewone Leeuwarder zoals de bewoners van de wijk Heechterp-Schieringen; jarenlang betiteld als een van de armste wijken van ons land? Yn de Fryslân DOK documentaire 'It ryk fan de wyk' vertellen wijkbewoners, hulpverleners en hoofdrolspelers hun verhaal.

Doel van LF2018 was om iedereen te laten meedoen. Ook mensen onder de armoedegrens en mensen die niets met kunst en cultuur hebben. De gedachte die daarbij hoort is: wie meedoet aan culturele activiteiten is meer betrokken bij de 'mienskip'. Zo werd er in het bidbook geschreven: bij meer dan de helft van de Leeuwarders moet de trotsheid, het welzijn, de sociale samenhang en het optimisme in de stad toenemen. Maar is zo iets wel te meten, of is het alleen te voelen?

Mienskip-projecten

Heechterp-Schieringen deed als wijk mee aan '8ste dag', het grote community art-project van LF2018, dat ook voor verbinding moest zorgen. Hilbrand van den Bosch (32) heeft last van depressies en is gameverslaafd. Hij is een halfjaar bezig geweest om de caravan te bouwen die door water in beweging kwam op '8ste dag'. Met het opknappen van de caravan knapte Hilbrand ook op. Dat zag ook zijn begeleider van Lifemaster, een sociale onderneming die jongeren begeleidt. Dat hun '058' Culturele Hoofdstad was, heeft iets gedaan met de jongeren, dat zien ze bij Lifemaster.

Liza van Houten (21) is geboren en getogen in Heechterp-Schieringen en had de hoofdrol in de voorstelling 'Work, work, work, work, work'. Wat verandert er als je je verhaal kunt doen over de vooroordelen die mensen over de wijk hebben. En wat is er veranderd in het leven van Liza? Regisseur van het stuk, Tatiana Pratley ging mei haar collega's een jaar lang de wijk in en kijkt terug op wat de voorstelling heeft gedaan voor de 'iepen mienskip'.

In het hart raken

Kwartiermaker Legacy Sjoerd Bootsma is vanaf het begin betrokken bij LF2018 en vertelt dat 2018 een tussenstation is. Volgens hem gaat het over hoe we Fryslân in 2028 willen overdragen aan de nieuwe generatie. Kunst en cultuur kunnen mensen raken in het hart en als mensen echt in beweging willen komen, moeten ze in het hart worden geraakt.

It ryk fan de wyk, de legacy fan de Ljouwerters

De [Fryslân DOK](#) documentaire 'It ryk fan de wyk, de legacy fan de Ljouwerters (Het rijk van de wijk, de legacy van de Leeuwarders)' is op zondag 21 april vanaf 17.00 uur ieder uur bij Omrop Fryslân op televisie te zien. De documentaire is gemaakt in opdracht van het mediaplatform Finster op Fryslân, in het kader van de legacy van LF2018.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.